



Po@dium

Bennie Huisman 2026 - 3 (diel 1)

ûnderweis

De foto hjirneist is út de jierren '90 fan de foarige ieu. Al wer mear as 30 jier lyn. Ik wit noch krekt hoe en wannear't er nommen is. Ik hie op in sneontemoarn op 'e Dracht spile, sis mar de Kalverstrjitte fan It Hearrenfean. Moai songen, aardige reaksjes en petearen, aardich fertsjinne, moai simmerwaar. Koe minder. Underweis nei hûs even op in terras. Myn broer kaam del mei syn

frou en sij makke dizze foto. De skipperspet dy't ik op ha - in echte Roosenstein út Snits - hie ik in jier of wat dêrfoar kocht foar myn teaterfoarstelling *De skipper*. Dêrnei hie 'k dy gauris op by optredens. En op strjitte.

Bin ik in soad feroare yn dy 35 jier? It hier dat ûnder de pet útsteekt is der noch. Mar no is it griis. Lykas it burd. Ek de fleurigens dy't út de foto sprekt fiel ik faak noch, as ik in skoft moaie lietsjes songen ha. As ik dat op stjitte doch bin ik my meast bewust fan it ferhaal fan de lietsjes en besykje dêr al sjongend útdrukking oan te jaan, as in 'ynklusive ferteller'. By in foarstelling krije dy ferhalen de romte, wurd ik mear in 'útsprutsen ferteller'.

Dat is ek sa by de lytse literêr-muzikale ûndernimming dy't ik foar ein maaie betocht ha: *Lietsjesman*. It is de útfiering fan in frijwat romantysk byld fan de 'swalkjende sjonger', dy't fan plak nei plak reizget. Ik ha mei ferteller Douwe Kootstra earder meardere kearen sa in 'boatsjetoer' dien. Mar ek allinne op 'e fyts. En dat smakke doe nei mear. 'De wals', de foarstelling dy't yn jannewaris syn premjêre belibbe, soe earst dy foarm krije. Mar dat rûn wat út de hân, mei oanklaaiing, in ekstra muzikant en wat al net. Lykwols, it idee bleau en no sil it heve, fan 27 o/m 31 maaie. Mei de foarstelling: *Lietsjesman, tusken droom & daad*. Tusken dream & die is altyd skipperje (mei 'wetten en praktische bezwaren' neffens Elschot) Dat wie no net oars. Oarspronklik woe ik mei myn trije-tsjillige lisfyts, dy't altyd al in soad ferbylding generearde. Mar dat is al dwaande feroare. Troch in miks fan trivialiteiten én praktyske beswieren, dêr't ik yn de foarstelling oer fertelle sil. Omdat it in moai ferhaal is. No sil ik reizgje mei myn oare swalkfyts en in fytskarre der achter. Dy fytsen - alletwa noch sûnder moter - stride útsoarte altyd wat om 'e oandacht. De lisfyts hat in eigen namme krigen en in haadrol spile yn in teaterfoarstelling. De Giant hat noch altyd inkeld de merknamme mar gie mei op meardere reizen nei *Berlyn* en stie grutsk te pronkjen op de earste side fan dy ferhalenbondel.

Kieze tusken twa leafdes: *immer kompliziert...*



Sudewyn



It 'liet fan ûnderweis' wie it iepeningsliet fan myn lteaterfoarstelling: *De loftfytser*. Ik song it nei 't ik mei myn teatraal oan-klaaide lisfyts it poadium op fytst wie, as 'sjonger ûnderweis'. It liet wie eins in yntinsjeferklearring. En in leafdesferklearring. Oan it ark dat my beselsskippe: myn fyts, myn lytse akkordeon, myn lietsjes. Ik besong de relaasje en it belang dat se hienen op myn reizen, de echte én de ferbylde. No't ik op 'e nij it spul fan - en it gefoel by sokke reizen wer besykje op te pakken, wol ik nochris sekuer nei de tekst fan doe sjen.

Wat is der noch oer fan de eardere betsjuttings?

Om mei it earste refrein te begjinnen: ik skriuw oer 'har' en oer 'skoat', as wie it in leafdesrelaasje. Har earste namme, dy't spontaan ûntstie - 'Lizzy' - slute dêr moai by oan. Nei in jier as fiif keas ik in oare namme, ûntliend oan in ferneamd reisferhaal fan Robert Louis Stevenson, dy't mei in ezelin in foettocht troch de Cevennes makke. 'Modestine' - de namme dy ezelin - waard ek de namme fan myn fyts. It kaam op twa moaie lakke houten boerdsjes te stean oan wjersiden fan it foarframe. Yn de krap 20 jier dat dy namme der op stie, hat ûnderweis nimmen oait frege nei dy namme, wat ik eins wol hoopt hie. Doe't ik har wer opknapt hie om tegearre, sa lang as ik noch kin, nije aventoeren te belibjen, woe ik ek in nije namme. De plankjes waarden wer keal helle, skjirre en yn deselde letter stiet der no de namme op dy't se de rest fan har libben wol drage sil: *'Sudewyn'*.

nei it liet hearre?
klik op de titel of
scan de QR-koade



it liet fan ûnderweis

ik haw as swalkersfreon in fyts
dy kin op eigen tsjillen stean
ik kin my deljaan en dan dochs
de wrâld út witwêrhinne gean
'k sjoch nei de fûgels yn 'e loft
in flaubyt foar ûnderweis
en kôgjend op wat poëzij
traapje ik myn noas efternei
ik neam har Modestine
'k lis leppeltsje yn har skoat
se bringt my rûnom yn dit gea
en seit my ta de wide wrâld
as ik mar trou foarsjoch
yn har ûnderhâld

ik haw in spylmaat achterop
dy helpt my altyd troch de tiid
fielt myn stimming hierskerp oan
by blues en boartlik, bleu en beat
draacht myn lietsjes oer de dyk
foarsjocht de wurden fan muzyk
en rûnom sjongend foar publyk
sjong ik my alle dagen ryk
it is in maatsje, maatsje-fan-my
ik haw him graach op 'e skoat
hy spilet altyd frank en frij
by alle lietsjes fan 'e wrâld
as ik mysels en him
mar licht en luchtich hâld

en achtern haw ik in kofferke
mei alles wat my driuwt
libbenslange langst nei leafde
likefaak swiet as bitter priuwt
libbenslang ferlet fan frijheid
likefolle lokket as benaud
libbenslang allinne
al binne freonen noch sa fertroud

ik haw in hoekje yn it ûnthâld
dêr wenje al myn lietsjes yn
se bliuwe yn my ivich jong
al komme se fan lang ferlyn
se sprekke yn tûzen tongen
mar binne thús yn memmetaal
se binne treastfol, fleurich, mankelyk
boartlik, se binne hillich en banaal
lietsjes, lietsjes fan my
jim komme ta libben yn myn sang
jim binne jong, jim binne âld
faak myn treast yn dizze wrâld
as ik jim yn jim wêzen lit
as ik mar fan jim hâld

Dy namme komt út myn lêste roman *Sanfirdo*. It ferhaal der achter meie jim sels opsykje. It kûplet suggerearret in sekere loaiens, tuike tuike, *easy going*... It giet net om gong en distânsje. Dat is noch altyd sa: ik wikselje it fytsen ek ôf mei rinne. Dat giet hiel maklik 'omt se op eigen tsjillen stean kin'... Ik bin o sa sunich op *Sudewyn*. Dizze fytsen wurde net mear makke en ek frijwol net mear twadde-hâns oanbean. De lêste sil - oait - yn it Bennie Huisman-museum te bewûnderjen wêze.

Settimio



Ek myn lytse akkordeon hat in namme. Dy stie der oars al op. Ik ha har al mear as tritich jier en har skiednis yn it algemien én dy mei my is alris ferteld yn in eardere Po@dium. It is al hiel lang myn ûnderweis- en strjitte-akkordeon, mar mei it âlder wurden giet se aloan ek faker mei nei optredens. Us stimmen passe by-inoar en se is licht. It gewicht fan gruttere akkordeons is my gauris te folle oan 'e skouders.

Alhoewol 't *Settimio* hjir mei 'hy' en 'him' besongen wurdt, soe dat likegoed 'se' en 'har' wêze kinne. Foar beide idintiteiten is wol wat te sizzen en as ik it har freegje, sjongt se ek dat it de iene kear oars fielt as de oare. It hinget ek ôf fan hoe't myn stimming yn har resonearret en se wol graach respektarre wurde yn dy wikseljende en sykjende idintiteit.

Dat doch ik dan ek as ik lietsjes mei har sjong. Dy binne net altyd 'licht en luchtich'. Dat hoecht ek net, it soe ek net earlik wêze foar it libben en it minsk-wêzen oer. Se is - tink' - mar even jonger as ik sels en foar ús beide jildt: fersoarging is tanimmend nedich, de rest is genede. Mar ik hoopje dat we noch lang tegearre sjonge kinne. Oer wat my driuwt en pleaget, oer de leafde, oer

de wrede wrâld om ús hinne, oer it sykjen nei in thúshús, oer it besef fan ienlikens en oer it ferlet fan 'frijheid', in begryp dat te pas en te ûnpas brûkt wurdt as it mar yn strjitsjes te pas komt, .

it liet fan ûnderweis

Sa haw ik it liet neamd doe't it letter op in CD kaam, achter yn in bondel poëzij en lietteksten. Lietteksten binne op 't lêst in foarm fan poëzij. Al wurdt dat net altyd sa sjoen. CD's en de lieten dy't der op stean, wurde diel fan de muzykwrâld en hifke troch muzykresensinten, dy't op 'e tekst gean oer muzykstyl, stim, performance, arrânzjeminten en wat al net, mar selden mei literêre eagen sjogge nei de teksten. No't de muzykynndustry folslein de distribúsje oernommen hat, is de 'ferpakking' noch wichtiger wurden. Op *streamingplatforms* moatte de earste maten fuortendaliks pakke, oars wurdt troch-scrolle nei in folgjend nûmer. Mar de tekst en de muzyk fan in lietsje komme earne wei, binne mei tal fan triedden ferbûn mei libbens- en oare achtergrûnferhalen. Ik brocht ek al gjin selsstannige CD's mear út, mar ferhalenbondels mei in CD der yn. En myn lytse foarstellings binne ek altyd boud om ferhalen hinne, mei tema's en reade triedden, dy't lieten meiinoar ferbine.

(ik soe hjir kinne nei h stikje oer h ek brûkt)

Yn sekere sin is dat in lúkse, in romte dy't ûntstien is omt ik net mear diel útmeitsje fan in 'merk', wêryn 'skoare' it earste belang is. Omdat it om it generearjen fan oandacht, om ynkommen giet. Dyselde romte fielde ik faak as ik 'ûnderweis' op strjitte song. Dêr besocht ik de lietsjes 'ta libben te bringen yn myn sang'. Om sa de ferhalen ymplisyt mei-sjonge te litten. Om de lietsjes 'yn har wêzen te litten'. By betelle optredens is dat altyd in útdaging: ik moat it frege jild ek wier meitsje. Op strjitte freegje ik niks, ik noegje inkeld út.

Dêrom meitsje ik dat ek diel fan dizze beskieden 'toer'. En it is de bedoeling der ûnderweis ferslach fan te dwaan yn in 'reis-Po@dium'.

De foto hjirneist is makke yn 2021, midden yn de Koronatiid. Ik hie doe in selde soarte fan toer yn gedachten, ek mei de karre achter de fyts. Mei myn foarstelling oer Berlyn.

De foto wie yn 'e hastigens makke fan in 'komponearde teatrale' opstelling. Doe't it yn 'e simmer wer even koe ha 'k al wat foarstellings spile, mar net mei fyts en karre op reis.

No sil it heve. Al sil it der oars út sjen.



Lietsjes en ferhalen fan ûnderweis

Bennie Huisman is in 'lietsjesman'.

Singer-songwriter, troubadour, dichter-sjonger, muzikant, ferhalenferteller, *what's in a name*. Miskien wat minder 'nuttich' as in timmerman of túnman, mar net minder nedich.

Hy fertelt yn dizze foarstelling oer it DNA fan syn lietsjes. En oer dat fan besibbe lietsjes dy't him ynspirearren. In meinimmende reis tusken werklikheid en ferbylding, tusken dream en died.

Yn meardere talen. Want alle ferhalen binne op 't lêst reisferhalen. En alle lietsjes swalkerslietsjes.

Lietsjesman-toer 2026

Woansdei	27 maaie	19.30	Biblioteek It Hearrenfean
Tongersdei	28 maaie	19.30	Biblioteek Akkrum
Freed	29 maaie	ûnderweis mei lietsjes	
Sneon	30 maaie	20.00	De Pein- thúsfoarstelling
Snein	31 maaie	14.30	Poppenwier, Fermanje
Tagong frij, nei ôfrin giet 'de pet' rûn foar in bydrage			

Po@dium is in persoanlik digitaal magazine, sûnt 2014
 alle eardere Po@diums fan 2025 en 2026: benniehuisman.nl
 Réaksjes? altyd wolkom: huisman.bennie@gmail.com
 Op of út de ferstjoerlist? mail - of app: 06-29155260